

'De Singels' en it Frysk

Bydrage ta it evaluaasjepetear d.d. 6-10-'87 en folgjende petearen.

I. Ynlieding

Nei petearen mei guon klasselearkrêften, de direkteur fan 'De Singels' en de inspeksje oangeande it plak fan it Frysk op 'De Singels', û.o. yn relaasje ta bern mei in ferskillende begjinsituaasje, folge nei wat tûkelteammen, dy't ik no mar gewurde litte sil, op 3 febr. 1987 in petear mei de meisizzenskipspriid (E. van der Schans, S. Tibbesma, H. Visser, W. Wynalda) en in fertsjintwurdiger(?) fan de âlderried (J. Hoogeveen). Lang net alles wat ik as relevant foar de saak seach, koe troch de koarte tiid oan de oarder komme, wat in tige ûnbefredigjend gefoel jout.

Om te foaren te kommen dat wichtige saken ûnbesprutsen bliuwe, wol ik dy fierderop, nei in taljochting, as fragen oan persoanen en ried foarlizze.

Ien fan de saken dy't op 3 febr. wol oan de oarder west hawwe, is it fraachstik mear rekken te hâlden mei de begjinsituaasje fan de learlingen op it stik fan de taalbehearsking fan it Frysk mei it each op in 'ononderbroken ontwikkelingsproses' sa't art. 8 fan de WBO dat fret, mei as logysk gefolch in (mear) differinsjearre oanpak. Ek it learen om it Frysk skriftlik te brûken heart dêrta. Foar dit lêste hie de skoalbegelieder foar Frysk, nei oanlieding fan in earder petear tusken dhr. Wynalda en my, materiaal brocht om út te prebearjen, û.o. de 'Taaltwirre', in systematyske taalmetoade foar stavering en idioom. Oan de ein fan it learjier soene de ûnderfinings fan it 'eksperimint', sa't it neamd waard, hifke wurde.

Underwilens moast ik tasizze fan myn kant de learkrêften oant it evaluaasjepetear de gelegenheid/jaen oan it 'wurk' te gean en persoanen en meisizzenskipspriid net wer mei fragen (winken) te konfrontearjen dy't minsken yn ûnstjoer bringe koeneder moast no wurke wurde. Sa wie neffens my de situaasje hiel koart gearfette en ik haw my, better net te witten, holden oan de ôfspraak.

Dat hat my wol muoite koste, omdat ik fuort nei ús petear, net de yndruk krije koe dat der wat feroare wie. Alleast foar safier't it de klasseaasje fan ús beide famles oangiet. Op gjin inkelde wize koe ik de befestiging krije dat yn dy groepen (groep 4/5 en 6/7), en dêr moat ik my ta beheine, de Fryske les serieus nommen waard. Om dy reden haw ik nei de peaskefakânsje de beide bern frege wat der dien waard, wannear en hoe lang. Hjirûnder folget in koart oersjoch.

2. Oersjoch fan de Fryske lessen fan peaskefakânsje oant simmerfakânsje 1987

Wike:	Fryske les groep 4/5:	Fryske les groep 6/7:
1.21-24 april	?	?
2.27 april 0/m 1 maaie	ferfallen fanwege ke- ninginnedei	ferfallen: bern frij, personeel riedt tiisdei- te-middei in projekt ta
3.4 0/m 8 maaie	ferfallen; oan in pro- jekt wurke	ferfallen, 5 maaie frij
4.11 0/m 15 maaie	ferfallen; tentoanstelling projekt	mei in kwekeling klassi- kaal yn it ramt fan it projekt wat dien (bisten + lûden); tiisdei 20 min. en woansdei 15 min.
5.18 0/m 22 maaie	ferfallen fanwege in bûnte middei	yndividueel stavering- kaart A fan les 5+ diktee- oefening (20 min.)

6.25 o/m 29 maaie	<u>ferfallen</u> ;himelfeartsdei	<u>ferfallen</u> ;kwis dien
7.1 o/m 5 juny	<u>ferfallen</u> ;mei nifeljen in masker makke	<u>ferfallen</u> ;borduerwurk mei kwekeling dien
8.9 o/m 12 juny	ierd.les oer Fryslân mei Frysk as fiertaal, klassikaal (30 min.); ferkear;goede sinnen sykje by 3 plaatsjes;goede plaatsjes kleurje(30 min.)	<u>ferfallen</u> ;wurke oan Hollânske musical
9.15 o/m 19 juny	<u>ferfallen</u> ;ekspresjeaktiviteit mei kleurpoeier	<u>ferfallen</u> ;oan Holl. musical wurke
10.22 o/m 26 juny	Frysk ferkearsboekje;sinnen yn goede folchoarder	<u>ferfallen</u> ;opfiering musical
11.29 juny 0/m 3 july	by sinnen ja/nee sette; sinnen yn deselde kleur	<u>ferfallen</u> ;gearkomste personiel oer organisaasje
12.6 o/m 10 july	<u>ferfallen</u> ;skoalreise	<u>ferfallen</u> ;master fiert syn jierdei
13.13 o/m 17 july	<u>ferfallen</u> ;maprekkenjen;de freed's 15 min. klassikaal gedichtsjes lêzen	foar it grutste part fan de klasse foarlêzen en praten oer slimme wurden; <u>ferfallen</u> foar û.o. Petra,Bas dy't yn it dok.sintrum kaarten sortearre hawwe
14.20 o/m 24 july	<u>ferfallen</u> ;bûnte middei	<u>ferfallen</u> ;sportdei

Konklúzje:net in byld dat jin fleurich makket.Dat sil sels immen dy't it Frysk net tagedien is, meistimme moatte.Ik fyn it slim spitich. Yn beide klassen is in pear kear 'wat' oan it Frysk dien.Systematyk yn opbou kin ik net ûntdekke.Differinsjaasje hat ien kear pleats fûn op it mêd fan skriuwen(stavering).De bestege tiid yn in fearnsjier is yn de iene klasse amper twa oeren, yn de oare amper ien. Wat soe it oardiel wêze as it hjir net om it Frysk gong,mar om it Hollânsk?Beide fakken hawwe wetlik deselde mooglikheden. In 'ononderbroken ontwikkelingsproces' by de bern kin net wier makke wurde neffens boppesteande organisaasjefoarm.

It foargeande jout my oanlieding personiel en meisizzenskipsfried te freegjen harren goed te berieden oer in stikmannich krusiale fragen en problemen.Ik doch dat oan de hân fan it ynspeksjerapport 'Het onderwijs in het Fries nader bekeken;een kwantitatief Inspectie-onderzoek naar het onderwijs in het Fries op de kleuter- en lagere scholen in Friesland, gehouden in april 1985'.

3.Fragen en problemen

- 3.1.a Neffens it ynspeksjerapport jout sa likernôch de helte fan de learkrêften oan dat hja it Frysk, benammen skriftlik, ûnfoldwaande behearskje.Oer skoallem mei Frysktalige learlingen wurdt sein: 'Het taalgebruik van zowel leerkrachten als de leerlingen is, in veel gevallen, geen 'geef Frysk'. Bij beide groeperingen worden nogal veel interferenties geconstateerd'(s.48). It leit foar de hân dat soks in wichtige reden wêze kin dat it skriftlik taalgebrûk as ûnderwiisdoel syn gerak net kriget. 'Daarbij kan nog de vraag gesteld worden, los van de doelstellingen van de school, in hoeverre verantwoord onderwijs in een taal gegeven kan worden als de leerkracht deze taal zelf niet voldoende beheerst' (p.55)

Hoe leit dat op 'De Singels'? It dielskoalwurkplan dat yndertiid noch wol yn it Frysk skreaun is, sit stiiffol flaters. Folle Frysk bin ik fierders net tsjinkommen, h.g. yn de skoalkrante of -as folgjend taalgebrûk- yn de rjochting fan (guon) âlders.

Fraach: As myn ynskatting krekt is, wat sil de skoalle- en op hokker termyn- dan dwaan oan:

- de mûnlinge en skriftlike taalbehearsking fan de learkrêften?
- de mûnlinge en skriftlike taalbehearsking fan de almeast fan hûs út Frysktalige learlingen?

3.2. Yn de learplanpublikaasje 'Naar een schoolwerkplan Fries' fan Th. Meestringa (SLO, Enschede, 1985) wurdt der op wiisd 'dat juist voor de meestal gemengd talige groepen, differentiatie erg belangrijk is. Er wordt niet alleen gewezen op differentiatie in leerdoelen, maar tevens op differentiatie in verwerking en belangstelling' (s.56 fan it ynspeksje-rapport). De ynspeksje heakket der oan ta: 'Het is wenselijk dat de basis-scholen met klem gewezen wordt op de noodzaak van een goed doordachte differentiatie' (p.56).

Differinsjaasje hat op 'e Singels, yn alle gefal yn de beide troch my yn par.2 oanhelle groepen, gjin serieuus omtinken hân.

Fraach: Hoe sil 'De Singels' dêr yn de heine takomst mei oan?

3.3 Yn de learplannen út de 'oertiid' fan de ferplichte ynfiering fan it Frysk is faak amper wat te fernimmen oer de trochgeande line fan de earste groep oant en mei de heechste groep op it stik fan it fier-taalgebrûk. It ynspeksjerapport konstatearret dat der net praat wurde kin fan in goed ferantwurde en fêstlein taalbelied yn de skoallen. Sa'n taalbelied hat net allinnich betrekking op it Frysk, mar ek op it Hollânsk en it Ingelsk: 'Een geformuleerd en in het schoolwerkplan vastgelegd taalbeleid is een voorwaarde voor een doorgaande lijn, waarin duidelijk wordt, hoe afspraken rond voertaalgebruik liggen, hoe de leerinhouden gekozen worden en hoe de werkwijze is, De samenhang tussen taal, waaronder Fries, en andere vak- en vormingsgebieden, zoals in de Wet op het Basisonderwijs geadviseerd wordt, kan in het taalbeleid uiteengezet worden' (p.58).

Fraach: Komst sa'n taalbelied der op 'e Singels ek? Op hokker termyn?

3.4 Net allinnich it mûnling en skriftlik brûken fan it Frysk yn en troch de skoalle ropt fragen op. It ynspeksjerapport wiist der ek op dat it lêzen tige omtinken hawwe moat.

It docht bliken dat it omgean mei Fryske boeken op de skoallen tige fer-skillend is, fan min oant goed: 'Wellicht heeft de aandacht, die de leerkracht geeft aan Friestalige boeken door middel van boekpromotie of leeskring, hiermee te maken' (p.51)

Fragen:

a. Hoe soarget De Singels derfoar dat de Frysktalige learlingen op har nivo (dat dus net minder wêze kin as har nivo op it mêd fan it Hollânsk lêzen) it Frysk flot, mei begryp en mei goede útspraak leare te lêzen?

b. Hoe soarget De Singels derfoar dat learlingen mei in sterk Hollânsk-talige eftergûn 'literatuer' fan wat minder kaliber goed lêze kinne?

c. Soe in foarm fan nivo-lêzen by it Frysk ek net op syn plak wêze? (Opm.: der binne wol 'lêsmemmen' dy't hjir in rol yn spylje wolle.)

d. Hoe wol de skoalle noch op oare wize oan promoasje fan it Frysktalige boek dwaan?

e. Hat de skoalle kwantitatyf en kwalitatyf genôch ferskaat oan Fryske boeken?

3.5. By guon skoallen is noch net folle te fernimmen fan in goede longi-tudinale plenning: 'De door de leerkrachten gehanteerde doelstellingen sluiten veelal niet aan bij voorgaande en komende jaren' (p.48).

Hoewol't art.8 fan de WBO it benammen hat oer de net ûnderbrutsen ûnt-jouwing fan it bern, kin dy pas realisearre wurde as de plenning fan

de doelen troch de tiid hinne dêr in gaadlike fertaling fan jout.

By it stellen fan doelen heart ek it neigean oft dy doelen berikt binne (toetsing). De rapportaazje fan it rekkenjen en it Hollânsk kin in foarbyldfunksje hawwe foar it Frysk.

Fraach: Hoe wol de skoalle rjocht dwaan oan artikel 8 mei it each op de taaleftergrûn fan it bern en de fjouwer taalfasetten: ferstean, praten, lêzen en skriuwen?

4. Konkrete fragen foar de koarte termyn

4.1. Wat docht de skoalle yn de klassen fan ús bern oant de krystfakânsje? Hokker konkrete doelen moatte berikt wurde, hokker materialen wurde brûkt en hoe wurdt der toetst om te sjen oft dy doelen berikt binne?

4.2. Yn hoefier wurdt der klassikaal en differinsjearre wurke?

4.3. Wannear kinne wy op 'e hichte brocht wurde oer wat der yn 'e folgjende perioaden oant de simmerfakânsje dien wurde sil (doelen, media, evaluasje)?

4.4. Op hokker termyn en neffens hokker proseduere sil it skoalwurkplan oanpast wurde oan de easken fan de wet op it basisûnderwiis?